In de ûngetiid gie heit nei de greidboeren om it hea yn te heljen. Dat duorre san fjouwer wike. Se kamen dan ek net efkes thús en mem moast har mar rêde mei de bern en boargje by de winkel fan Wytske. It jild krigen de arbeiders net earder as de ûngetiid dien wie. Yn dy tiid gie ik dan nei omke Jehannes, in broer fan ús mem, útfanhûs. Dy wenne bûten it doarp en hie in komelkerij. We gongen dan mei de skou te melken, de kant nei Earnewâld op. It wetter wie dêr sa helder, we koenen gewoan oan de boaiem ta sjen. Dat is no wol even oars.

Omke hie ek in stik lân. Dan moasten we oer in klapbrêge om er te kommen. Op in kear, omke wie mei it reau oer de brêge, boarte ik der wat om en luts oan it tou en ja hear, de brêge gie omheech. Om de brêge wer nei ûnderen te krijen, moasten je der by op rinne, mar ik wie te lyts en te licht. Omke soe de klean út dwaan om nei de oare kant te swemmen, mar dat is net bard. In man hie it sjoen en hat de brêge wer nei ûnderen dien. Omke hat my goed

útfoetere en foar straf mocht ik net op it hea sitte, mar der achteroan rinne, wylst syn dochter wol op it hea siet en my de gek oanstuts. Letter hat muoike it wer goedmakke.

Se hienen in apenutbeam, dan moasten we sjen as der ek apenuten ûnder leine en ja hear, muoike struide efter ús de apenuten op de grûn. En as ik nei hûs gie krige ek altyd wat iten mei foar ús thús, want sy wist wol dat it by ús thús net sa rom wie. Dat wie muoike Antsje. Se is mar goed fjirtich jier wurden.

As er by ús in lytse op komst wie, gie ik nei muoike Boukje en omke Harm. Die koe och sa moai oargel spylje en der by sjonge. Hij song dan: ABCDEFG, Eelke kan niet leren het ABC. Poer wie ik dan, mar muoike bêde dat dan wer del. As de lytse der wie, gie ik wer nei de Lytsebuorren. En ik bliuwde mar lyts. Heit sei: die jonge kin fan ûndogenskheid net groeie. Dat wie op in kear dat de plysje (pijpje drop seine se doe) my op de fyts thúsbrocht. Hy koe ús earst net krije, want wy sieten by de bakker tusken de muorre en de takkebosken, wêr't hy net komme koe. Doe't er beloofde dat er ús neat dwaan soe, ha we dat mar weage.

Ús omke Jelle wie in broer fan ús heit. Hij wenne yn Swichum. Hy wie winkelman wurden om't er net geskikt wie foar swier wurk. Hy kaam ek wol by ús yn Garyp mei de karre en twa hûnen der foar. Myn neef Eelke en ik mochten op in kear mei nei Swichum ta op fakânsje. Dat gie der om wei. Earst de karre op gong bringe en dan sprong omke op it iene sydsket en wy op it oare. En dan de hûnen goed oansjasje. It wie mar goed dat er doe noch gjin auto's wienen, want de karre nam somtiden de hiele wein yn beslach. Sa no en dan moast omke stopje om de bisten wat drinken te jaan. In rem siet der net op. Dus dan sprong omke fan de karre, pakte in hânsel dat oan de karre siet, en wylst ho ho roppe. En sa kamen wy yn Swichum oan.

Der wie ek noch in ûnderstel fan in bennewein. Ik wie de jongste en moast op de karre sitte en neef Eelke skode my de hichte op en dan der bydel. En ja hear, op 'e kop yn 'e sleat. Stronttrochwiet en ûnder it einekroas. Wat hat dy oare Eelke lake. Mar ik moast mei de wiete brot nei muoike Klaske. We hienen ek gjin oare klean by ús, dus in himd fan muoike oan en op bêd. De wiete klean op 'e line en ik moast mar sliepe. Omke Jelle hat ús ek wer mei de hûnekarre thúsbrocht.

1928. de tiden wienen min, hast gjin wurk te krijen. Mem sei: Douwe, dit kin sa net langer, do moast mar sjen om in plak by de greidboer. Dat heit kocht

in krante en gie der op út. Dat slagge op it lêst en wy rekken dy maitiids by in boer yn Kûbaard. Ús Sjoukje wie doe trije fearnsjier. Doe Sjoukje berne is, hie mem gjin jild om de baker te beteljen. De baker is doe mei in sulveren treppot ôfstutsen.

De frachtrider Plantinga hat ús nei Kûbaard brocht. Alles moast yn ien kear mei, ynklusyf de fiif bern. Och, och, mem siet foaryn mei Tryntsje en Sjoukje op 'e skutte. Ik siet op it sket, dat efter op de auto útstuts. De auto wie ôfladen, sa ha je net. We rieden noch mar krekt, doe foel der al in soadsje klompen fan de auto, de sjauffeur hearde ús net roppen troch al dat lawaai, dat ik krûpte nei foaren en slûch mei myn klomp op de kabine en dat holp. Stopje en in ein werom drave om de klompen wer op te heljen. Fierders binne we goed oerkommen.

Mem hie dat hûs noch net earder sjoen, lit stean dat er wat opmetten wie foar gerdinen of sa. It hûs stie twa stikken lân fan de slachtedyk ôf op in hichte. It hie foarhinne in foarein fan in pleats west. Om op it hiem te kommen, moasten wy oer in brechje. Fjirders oars neat as sleatten om hûs en hear. Via de iennichste doar kamen wy yn it efterhûs mei in flier fan estrikken in de keamer. Dy wie sa grut, dat in hynder en wein koe der wol yn omswaaie sûnder de kant te reitsjen. Fjouwer ruten op it noarden en it easten. ûnder it hurdste wie noch in grutte fjoerplaat mei in grut fjouwerkant gat. Dat wie wol maklik, want der koe mem it túch sa yn feie. Dan stie der yn 'e hoeke fan de keamer in grut izeren ledikant. Der sliepten Tryntsje en Sjoukje op.

Oan de souder hong in touter. No, der is wat ôfskommele. Dan noch twa bedsteden mei in kast yn it midden en in grutte kelder der ûnder. En fansels it húske en de reinwetterbak bûtendoar. Der wie gjin stroom o wetterlieding of gas. Ik hie letter wolris witte wollen, wat ús mem doe tocht hat. Midden út in doarp wei kommen en dan poer op 'e romte. Klage hat se by myn witten nea. It wie noch in gelok dat omke Jehannes en muoike Anja yn Achlum wennen. Dat wie noch te berinnen, want allinnich heit hie in fyts. As ik by omke en muoike útfanhûs wie, sliepten wy ûnder bedsteden op in soarte fan stretsbêd.

We gongen nei Kûbaard nei skoalle. Der moast wol oanpoate wurde om it yn in healere te berinnen. We bliuwden middeis yn skoalle te iten en krigen dan in beker molke fan master Postma. Somtiden wie de bôle op as we nei skoalle moasten. We krigen dan fan mem in stoer mei en kochten by de bakker in stik koarstekoeke. Yn de stringe winter fan 1929 binne wy eins nea

thús bleaun fan skoalle. Leazens hienen we doe noch net, mar mem smarde dan griene sjippe ûnder de klompen en dat holp even.

Ik krige doe ek in kammeraat, Hotse Piersma. Hy hat my it keatsen leard. Hotse wie it ienichst soantsje fan in greidboer en ik wie faak by him. Ús mem wie der dan maitiids wol te húshimmeljen. It moaiste yn Kûbaard wienen de krystfeesten op skoalle. Dan krigen alle bern in sinasappel en noch mear lekkers. En we krigen ek noch in moai lêsbboek. Pearke en syn kameraden. Dat haw ik noch.

It wie yn dyselde winter fan '29 dat ús heit en mem it yn 'e holle krigen om op redens nei de famylje yn Garyp ta. Muoike Pim kaam by ús te oppassen. O, o, wat is dat tsjinfallen. De hiele winter noch net op redens stien en dan goed hûndert kilometer ride. Se binne de jûns let wer thúskommen. Heit klom ûnderweis yn de hânwizers om it goede paad te finen. Mem hie sokke rare fuotten, dat it hat wol trije wiken duorre foar sy wer knap rinne koe.

It wie foar de winkelman ek in hiele toer om ús de boadskippen te bringen, dat heit en ik binne nei Lollum west om it noadige spul op te heljen. De grutte izeren fetpanne wie ek stikken. We moasten in nije meinimme, mar om't wy om in stikmannich hikken moasten en it glêd wie, hie heit de fetpanne op 'e rêch bûn. De winkelman tocht, it sil wol klear komme, mar o wee, heit gie om de hikke, glide út en de panne oan alle barrels. Wat no, mar wer nei Lollum om in nije panne. It begrutte de winkelman sa dat hy joech in panne foar neat. Gjin wûnder dat die man letter fallyt gien is.

It aaisykjen ha ik yn Kûbaard leart. Op in kear wienen myn neef Jaap en ik te aaisykjen, mar fûnen neat. We betochten by in boer yn de einekuorren te sjen. En ja hear, der sieten aaien yn. Allinne, de boer hie ús ek sjoen en koe hurder rinne as wy, dus dat wie in goede ôflear.

Wy hienen twa jier yn Kûbaard wenne doe de molke gau in sinte as trije it mingel wie, doe sei de boer, dit kin gjin kant út. Jimme moatte om in oar plak sjen. Wy binne doe nei Seisbierrum rekke en ús Pietsje wurde dagmeid by de boerinne. Fan de greide nei de bou. Heit wie dat swiere wrotten yn de bou net went, dus dat draaide op in fiasko út.

It wie dyselde simmer, dat heit siet te melken en der ûnferwacht in tongerslach foel. De ko springt boppe op heit en dy kriget in pear stikkene ribben. Dat doe wie it hielendal dien en moasten wy om oar plak sjen. O ja, doe't wy ferhuzen, hienen wy de kat ek meinommen nei Seisbierrum, mar dy

hat dêr net lang west. Seis wike letter wie it bist wer in Kûbaard. Hoe bestiet it.

Yn Seisbierrum siet ik yn de seisde klasse by Johannes Brandsma. Keatse en aaisykje koe der o sa, mar stilsitte koe er net. Dan sei master: Jehannes is ek wer oan it wilsterflappen.

Simmerdeis ginen we te baaïen nei de see om it swemmen te learen. Earst pûste en blaze, we lieken wol stoomboaten.

Der waard in dagmeid frege mei in arbeider troch in boer ûnder St. Jabik, Piersma. Heit derhinne en dat gie oan. Wy fûnen it wol spitich, want Seisbierrum wie in grut fleurich doarp. En we hienen in knap hûs op it Swart Slot, sa hiet it dêr, en de trein ried flak by ús hûs foar de ruten lâns.

Yn dy tiid hie ús Pietsje al wat gedoente mei jonges, ûnder oaren mei Rinse B. dy't neist ús wenne. As wy jûns op bêd leinen, koene wy wol mei inoar praten troch it houten sket.

Beppe Pietsje hat ek in kear by ús útfanhûs west. Yn in it efterhûs hie mem mûzen heard. Tegearre op de mûzefangst, mar gjin mûs te finen. Wer soe dat bist doch keard wêze. En ja hear, beppe tocht wat jokket it my der op 'e rêch. Ferduld it koe de mûs wolris wêze. No dat wie ek sa. Beppe hat de mûs mei de rêch tsjin de muorre deaknypt.

12 maaie mar wer ferfarre en wol nei in boer ûnder St. Jabik. Die boer dat wie in grutte bolderbak tochten wy, dat wie net sa, mar hy wie hartstikke dôf. In hiel best minske, we ha dêr acht jier wenne. We moasten wer in lyts healoere rinne nei skoalle ta. En fansels begûnen we ek al in bytsje Biltsk te praten, behalve heit en mem. Dy praten gewoan wâlds.

Yn dy tiid krige ús Pietsje ferkearing mei Klaas. Klaas hie meastal syn stabijhûntsje mei. Se gienen nachts ek wol te murdejeien. Folle sliep krigen se ek net, want deis moast er wurkje yn de bou, want hy wie peardeman. As Pietsje sneins melke moast die Klaas dat foar har en as hy sneintejûne fuort gie lei er altyd in sigaret klear foar my. Yn de ûngetiid moast mem mei te melken en krige der twa kwartsjes miels.

Yn 1936 is beppe Pietsje ferstoarn, hja wie doe 84 jier. It wie och san bêste beppe foar ús, al hoe earm se it ek hie. Ús Marijke wie in minne iter. Dat op in kear lei beppe in sint op de roanne fan it itensboard as se de brij dan mar opite woe.

Beppe Pietsje hat har lêste jierren it meast by muoike Pim west, mar ek wol by ús. Âldereinhûzen wienen der doe noch net folle, dat de bern moasten har mei de âlders rêde. As beppe dan by ús wie, moast ik witte faak nei bûten om de skiep fuort te jeien dy't der net wienen. No neame se soks demintearje. Nei't ús beppe ferstoarn is, hat ús mem wol in heal jier út de skroeven west.

Foar de beïerdiging seach de begraffenisman dat er by beppe Pietsje yn de kiste in fleske mei guod lei en dat soe ús mem dan wol dien ha. Dat bygeloof wie der doe noch, want dat fleske goud moast dan op har reis nei de ivichheid begeliede en beskermje. Dat bygeloof wie sa slim, as er bygelyks jûns in swarte kat op it dak sjoen wie, foel er de oare deis in deade. Ús mem rekke hielendal fan de kaart en muoike Pim ek, dat de iene rekke nei Frjentsjer en muoike Pim yn Súdlaren. It hat sawat in healjier duorre foar as ús mem wer better wie.

Oan't har njoggentichste jier ta is it altyd goed gien.

Doe't ik fan skoalle kaam, hie heit my al besteld by de boer der't hy ek wurke. Foar fjouwer gûne in de wike, fan moarns seis oant jûns seis. Ik wie it boerewurk al in bytsje went, want doe't wy noch yn Seisbierrum wennen, holpen wy ek al mei op it lân. Dat middeis út skoalle wei en woansdeis en sneonsk te bitefertinjen of ierappelsykje.

En letter doe't ik yn St. Jabik op skoalle wie, krigen we yn de neisimmer lânbouferlof. Ik kaam doe by in túnboer te lâne, ouwe Dirk Kuiken, fan moarns fiif oere oant jûns seis, ploechdriuwe. Ik wie net altyd by steat om de hynders rjochtút te stjoeren. En dan ropten die ploegers fan hâld en boei en skelle fansels.

Boer Piersma hie ek noch in feintsje, Kees, en letter myn neef Jaap fan omke Jehannes. Kees brocht jûns de molkbussen nei de dyk mei hynder en wein. Op in kear rûn it mis. It hynder skrok omdat der in ein út de sleat fleach en it hiele spul op 'e rin gie. De sydberjes, de rongen en tsjillen fleagen alle kanten út, mar Kees liet net los. Doe't Kees op 'e pleats kaam siet er noch op it foarkret. Der wie net folle fan de wein oer en foar straf mocht er net wer ride.

Letter waard Jaap, myn neef, in grutte sterke jonge, lytsfeint. Jaap en ik gongen altyd tegearre te aaisykjen. We kamen op in kear foar in brede sleat. Jaap sei: do moast mar earst. Dat gie oan. Ik kaam der al oer, mar hie wol fernommen dat de boaiem weak wie. Jaap tocht, dan moat ik it ek kinne, mei

de boereplof. Hy rûn earst in ein efterút en dan mei in rotgang op de feart ta. Mar Jaap kaam net fierder as de helte. De pols sakke yn de modder wei en der hong Jaap. Hy woe net, mar moast him wol yn it wetter falle litte, en ik mar leidsje. Poer wie er op my.

Ik hie in foech heal ier by de boer west en woe fytsmakker of automonteur wurde, dat ik rekke yn Minnertsgea yn in garaazje oan it wurk. Mar dy sei, do moast nei de ambachtskoalle. Heit en mem fûnen dat wol goed. Nei trije jier hie ik it diploma yn 'e bûse. Doe bedarre ik by de smidden Dykstra yn Minnertsgea. Dat hat net lang duorre. Lange dagen meitsje foar ien gûne yn 'e wike, nee. Ik krige wurk by in fuorman foar in tientsje yn de wike en de kost ta, mar dan moat ik wol fjouwer oere út bêd om earst de kij te melken. No dat wie foar my gjin beswier. Ik hie der in bêste kost en winterjûns in flinke slok levertraan. It koe net better, soe ús mem wol sizze.

Keatsen wie ik ek gek op. Jûns nei iten nei it doarp te keatsen, Maten hie ik ek krigen, Jappie en Durk. By Jappie thús wie it och sa gesellich mei de oare seis jonges fan Jaap en Neel. De âlde grammofoan draaide altyd moaie ferskes en tiisdeis de bonte dinsdagavondtrein.

Mei achttjin jier ha ik it autoriden leard. We betellen tsien sinten foar de kilometer en fuort efter it stjoer. Yn Frjentsjer proefride en klear.

Op tsien maaie bruts de oarloch út en op tolve maaie binne we ferhuze nei boer Feitsma oan de Hornestreek. Klaas, de feint fan ús Pietsje, kaam mei twa hynders en weinen, de brot der op en fuortwêze. Acht jier hie heit der fêst arbeider west bei Piersma. Twa jier hat ús heit by boer Feitsma wurke en Marijke as faam.

Dêrnei kamen we by boer van der Skaar en te wenjen op de stjelp. Dat wienen fjouwer huzen oan elkoar op in hege terp. We krigen in stringe winter en dus ride. Ik kom fan Frjentsjer ôf en der stiet in jong frommeske mei stikkene redens. It waard ek al wat tsjuster, dat se is moai efter my oansleept nei har hûs. Dat wie Tetsje, in best leaf famke en net sa fier fan hûs. Der wie in tiidklok ynsteld, jûns acht oere net mear op 'e lappen wêze, mar by Tetsje wei koe ik de griene dyk langs en sa thús komme. Dat is in kear mis rûn. ûnderweis nei hûs steane der in pear Dútsers op 'e dyk dy't ik net sjoen hie, boem. Ik wie sa feraltereare en sy ek, dat der is neat fan oerkommen. De ferkearing is útrekke wat net alhiel myn skuld wie. Jûns as Tetsje har âlde lju op bêd gienen, dan kuieren we in eintsje en bedarren we meastal yn it geitehok, mar op in kear wie it sa glûpende kâld sadat we yn hûs gienen. Mar

och hea, der kaam Tetsje har mem fan bêd en sei dat ik fertrekke moast. En doe hie ik myn nocht der ôf.

Sûnder faam wie ek neat, dat ik bedarre by Jantsje yn Easterbierrum. Die húshâlding, der wienen soan fammen, de zeven geitjes seinen se. It wie dy sneins min waar, dat Jantsje sette de fyts yn it hinnehok. De oare deis sei mem, wer hast juster sitten, dyn hiele broek sit ûnder de hinnestront.

De oarloch gie mar troch en it waard hieltyd gefaarliker om net oppakt te wurden foar: arbeidsdienst yn Dútslân. Dat ik kaam by Durk, myn swager, op de motorboat mei pream fan san foech tweintich tûne. It iten waard ek krapper, dat as we bygelyks biten losse moasten, we dat foar bûter en of spek dienen. Dan ieten we foar in kear ierappels mei kleare boere bûter as sjús. O minsken, wat wie dat lekker.

Ik hie ek noch in pear geitebokken thús yn it hok stean. De geiten waarden meinommen nei Aldebiltdyk om der te slachtsjen. Durk sloech it bist mei in houten hammer tsjin de kop. No, de geit skodde even mei de kop hinne en wer, mar bleau fjirders gewoan stean. Der kaam Rein fan de buorlju ek oan. Hij sei, dat moatte jimme even anders doen. Geef mij die hamer maar even. En ja hear, ien klap op it goede plak en der lei it bist. We hawwe der wol mear as in wike lekker fan iten.

By it winter as de fearten beferzen wienen, leinen we earne op 'e romte en brocht Durk syn heit ús sa no en dan iten. Molke koenen we genôch krije by de boeren. Yn die tiid skarrele ik mei Jetske. Har heit en har broer sliepten nachts yn de reinwetterbak omdat se ûnderdûkers wienen. Har mem sliepte gewoan in de keamer dêr't wy sneintejûns ek sieten. Yn ienen gienen de bedsdoarren iepen. We skrokken wol even. Jetske sei, wat no mem. Se sei, ik hearde war frjemds en tocht no giet myn dochter ferlern. No dat foel wol wat ta, seinen wy.

It wie yn dy tiid dat der wer ris in razzia wie en hast alle huzen útpluze waarden. We hienen ek noch nei tsjerke west en sieten oan de surrogaat tee. Der waard ek noch sketten, dat earlik wier, we skieten hast yn' e broek fan benaudens. Der waarden doe san tweintich man oppakt, wêrûnder dominee Baas.

Doe't de winter oer wie, koenen wy wer farre. Op in kear brochten wy in fracht ierappels nei Grou. En ja hear, dêr wienen de griene Dútsers en hâlden

ús oan. Mar we hienen in Ausweis, dat ferfalske wie, mar dat wisten de Dútsers lokkich net.

De branje waard al sa krap dat der waard besletten om turf út Nijbeets te heljen. Doe't we dêr oankamen wie der wol turf, mar we hienen gjin spek en of rokerij, dus we krigen neat. Dat foel dus tsjin. No, dan earst mar in nacht sliepe en dan mar wer ris sjen. It sil in oere of tsien west ha, doe't er op 'e roef kloppe waard. En ja hear, dêr stienen in feint en in faam. It bliken Klaas en syn suster út Grou te wêzen. Se soenen ek turf helje mei in pream en in opdrukker. Klaas wie net sa bang útfallen. Hy sei: Hjir lizze genôch turven en de sinten dogge wy yn in doaske, dan hawwe we de turven teminsten net stellen. Klaas en Klaske hienen gjin sliepplak, sasdat se by ús yn de boat bedarren. De harmoanika wie ek mei en nei wat sjongen en spyljen op bêd, omdat we net by turf komme koenen, want der lei in pream foar. Klaas hat doe út noat mar by syn suster sliept. De oare deis wie it raak. Turf lade en moarns betiid de wyk út nei de ûlesprong. De motor koe earst net oan, dat hie tefolle leven. Mar nei it slúske de motor oan en farre om it libben. De jûns kamen we hiel hûds mei san 20000 turf op Aldebiltdyk oan. In goed wikke letter leinen we wêr yn Grou, doe't Klaas ús op 'e side kaam. Hy fertelde ús dat de plysje by him west hie mei in leech doaske. Hy sei: Ast al wer ris turf hellest, dan is hjir it lege doaske en ik sil nergens oer prate, ast my ek in soadsje turf yn it hok goaist. No, dat wie gjin beswier.

We rekken by Klaas en syn âlders yn 'e hús en dêr wie Klaske fansels ek. It wie in bysûnder moai frommes, dat sadwaande rekke ien fan ús der mei op stap. No, se koe der wol wat fan, dat moat sein wurde, mar se liet net mei har boartsje. It moast moai bliuwe, sei se. Mar sadwaande rekke ik by Klaas en syn heit op it skûtsje fan syn heit.

Mar no earst noch efkes wat oars. It wie yn it lêst fan de oarloch, dat der in pear mannen by Durk syn heit kamen en seinen dat se noch in soad turf sitten hienen op Skinke Skâns. Dat de moandeitemoarns tuften wy nei Skinke Skâns en hellen der san 40000 turven ûnder de hannen fan de Dútsers wei en brochten dy nei Feanwâlden. Dy jûns wie it grut feest. De wâldmannen hienen drank meinommen. Mar wy wienen neat went, dus hartstikke dronken fansels. We moasten ek noch waarm ite en ierappel skile. No, dat gie der frjemd om ta. De panne mei wetter stie midden op 'e tafel en dan besykje de ierappels yn de panne te smiten. De measte kamen op de grûn te lân. Omdat de diseloalje op wie, stookten we de motor mei karboleum op nei hûs en ûnderweis hellen we molke by de boeren

No geane we wer fjirder mei Klaas. Dat wie in nuver man. Hy koe moarns min út syn bêd kommen. Hy sette jûns de pispôt op de bank sa ticht mooglik by it bêd, dan hoegde hy nachts net fan bêd ôf. Doe op in moarn woe Klaas wer net fan bêd. Ik sei, ast no net direkt fan't bêd komst, gean ik fuort en moast dy de kont mar rêde. Dat Klaas mei in grutte swaai fan bêd en skopte mei syn iene foet de pispôt om. De flier en de kastjes, alle siet der ûnder. Afijn, sa goed en sa kwea ha we de boel wer wat skjin makke.

In oare kear by Ritsumasyl troch de brêge moast efkes de kloet der by. Eilaas, de kloet skeat út en mei de boarst op de izeren bolder en sa beroerd der fan dat ik rekke op bêd. Net best fansels, maar Klaas wist wol rie. Do moast ielesop ha, sei er. Foar in koer ierappels krigen we in iel. En it hat holpen, dat is wier.

De befrijing kam tichteby en dêrom hienen de Dútsers út benaudens alles ûnder wetter set. In ein bûten Grou leinen wy mei it skip yn in opfeart, tichte by in pear pleatsen. De boeren fregen ús, kinne jimme mei de motor út it skip de boel hjir net leechpompe. Ja dat koe wol, sei Klaas. Dan moat de motor út it skip en jimme soargje foar in pomp. Dat we draaiden dei en nacht troch. Om de acht oeren ruilje.

Die boer hie in twilling fan in jier as achttjin. De iene hie ferkearing mar de oare net. Wa as dan frij hie wie meastal by Ytsje in de buert te finen. Se woe dat wol, want der wie op 'e romte oars ek neat te belibjen. Op in snein kaam der in útfanhûzer. In grut frommes mei fjoerread hier. Myn beurt wie om mar Klaas wie nergens te finen. Nee fansels, want hy wie mei dat frommes ûnder it hea krûpt. Jûns as de iene frij wie, dan sie dy by Ytsje in it waarme bûthús, krekt sa lang as de boer kaam te ôfljochtsjen en Ytsje op bêd stjoerde. It wie op it lêst safier dat de boer sei: Do koest wol boerefeint by my wurde. No, dêr hie ik gjin sin oan, dus dat gie oer.

Doe kaam 15 april. De Kanadezen kamen yn Grou en ik woe ek wolris wêr thús sjen yn Minnertsgea want heit en mem wisten ek net wêr as ik siet. Se sille wolris yn noed sitten ha, mar hawwe der nea oer praat. Ik soe dan mar op 'e fyts nei hûs, mar it wie oeral noch sjitterij, dat ik bedarre yn Jirnsum by omke Ludseren en muoike Jetske. Dêr ha ik in nacht sliept en doe nei Minnertsgea. It is altyd noch moai dat je noch in thús ha dêr't men altyd wolkom is.

Ja en wat no. Yn die tiid waar der in sjauffeur frege by d Gemeente Barradiel. En dat is doe oangien. Yn die tiid waarden sawat oeral en dus ek yn

Minnertsgea saneamde befrijingsfeesten hâlden. We hienen doe noch neat om hannen en der wienen froulju bij't soart. Doe it feest san bytsje ôfrûn wie, troffen we in pear froulju út Seisbierrum. Ik sei tsjin Sibe, ik moat dy mei de ljochte jas mar ha, dan krigest do dy oare mar. Sibe hie al gau syn nocht. Hy woe yn Tsjummearum al wêr werom mar hat it noch oan Seisbierrum úthâlden. Mar ik ha se oan hûs tabrocht, lykwols ferkearing waard it net. Se woe frij wêze, no dan dat, want ik moast ek noch yn tsjinst.

Doe't de tsjinsttiid om wie en ik by de Gemeente yn Seisbierrum wurke, ha ik Yne wêr opsocht, mar it koe earst neat wurde, se hie wat oars oant hantsje. Mar in wike as trije letter kaam der in briefke dat se wêr frij wie. No, sa is it gien.

Ús heit en men wennen doe op 'e stjelp yn Minnertsgea. Heit wurke doe by van der Schaar en Tryntsje wie doe faam by die boer. Yn 1947 binne heit en mem ferhuze nei St. Jabik. Heit wurde doe arbeider by de Kukens en se wennen sawat yn de buorren. Tryntsje, myn jongste suster tsjinne dêr as faam. No, dy frou wie net sa noflik ha'k wol heard. Mar Tryntsje wie net sa gau lilik.

1947 wie in stringe winter dus Ine en ik rieden op redens in kear nei St. Jabik. Mar och hea, der wie net ien thúshús. Se sieten by de buorlju om't se hast fergast wienen troch in lekke leiding. Lokkich binne se der goed foar wei kaam.

Letter ha se in kreas húske kocht oan de Kadal. Heit waard der net better op en rekke yn it sikehús. We hienen om beurten by him wekke mar dat foel ek net mei., teminsten as Durk oan de beurt wie. Dy sliepte troch alles hinne. Doe't heit wer wat opknapt wie binne se al ridlik gau ferhuze nei St Annaparochie, nei it âldereinhús. Dêr ha se noch wat goede jierren hân. Heit is 93 jier wurden. Mem rekke mei de holle yn de war en bedarre yn Nieuw Toutenburg. Dêr is se ek ferstoarn, se waard 94 jier. Se lizze beide yn Minnertsgea op it tsjerkhôf te wachtsjen op de jongste dei.

Douwe Algra is berne yn Garyp op 27 february 1884.

Janke Boonstra is berne yn Garyp op 25 augustus 1890, dochter fan Keimpe en Pietsje.

Se binne trout yn maaie 1914. Douwe hie it net sa min troffen. Hy waard arbeider yn it túnpark Swarteweisein. Dat duorre net sa lang want om't hy net op snein kaartsjes ferkeapje woe, krige hy dien en waard er los arbeider.

Douwe syn heit moat in baas keardel west ha. Hy wie timmerbaas en hie ûnder oaren de grifformearde tsjerke ek boud. En as it op in momint net sa drok wie, liet er nije huzen bouwe en dêrtroch hat Douwe in hûs urven, doe't er troude.

Douwe hat doe ek noch in skoftke yn tsjinst west. It wie doe sa, as in boeresoan net yn tsjinst woe, in ramplesant dat oernaam foar in moai stikje jild. Nei de tsjinsttiid is Douwe wer gewoan arbeider wurden.

Douwe en Janke ha fiif bern krigen: Pietsje, Eelke, Marijke, Tryntsje en Sjoukje.

De Boonstra-tak

Keimpe Johannes Boonstra, geboren 11 oktober 1854 te Suameer als zoon van Johannes Eelkes Boonstra en Trijntje Keimpes Draistra. Hij trouwt als hij 23 jaar is op 4 mei 1878 met Pietje Broers Roorda. Pietsje is geboren op 5 mei 1854 te Garijp als dochter van Broer Andries Roorda en Wyske Bartels Paulusma. Keimpe overlijdt op 68-jarige leeftijd op 3 mei 1923, 's middags om 4 uur in het Diaconessenziekenhuis te Leeuwarden. Pietsje overlijdt als ze 82 jaar is op 22 januari 1937, 's middags 3 uur te Garijp.

Ze krijgen de volgende kinderen:

1. Trijntje Keimpes Boonstra, geboren op 10 april 1878 te Suameer (in het huis van de ouders van haar vader?). Haar ouders waren dus nog niet getrouwd, wat in die dagen niet vaak voorkwam. Als ze 22 jaar is trouwt ze op 20 oktober 1900 met Melle Hiddes Tiekstra. Melle is dan 25 jaar en geboren op 16 april 1875 in Suameer als zoon van Hidde Hendriks Tiekstra en Geertje Jelles van der Wal. Trijntje overlijdt op 19 mei 1960. Ze is dan 82 jaar en wordt begraven in Witmarsum. Melle was al vijftien jaar eerder overleden en wel op 22 oktober 1945.

2. Broer Keimpes Boonstra, geboren op 30 juni 1879. Hij overlijdt na twaalf maanden te hebben geleefd op 16 juli 1880.

3. Broer Keimpes Boonstra, geboren 26 juni 1881 te Garijp. Hij trouwt als hij 30 jaar is op 18 mei 1912 met Sjoukje van Bruggen. Sjoukje is

dan 26 jaar en geboren te Drachten als dochter van Sjoerd van Bruggen en Trijntje Luppens.

4. Johannes Keimpes Boonstra, geboren op 15 december 1883 te Garijp. Hij trouwt als hij 25 jaar is op 22 mei 1909 met de 24-jarige Antje Poelstra. Antje is geboren te Garijp als dochter van Johannes Teakes Poelstra en Maaïke Warnders Damkat.

5. Wytske Keimpes Boonstra, geboren op 2 september 1886 te Garijp. Als ze 27 jaar is trouwt ze op 23 mei 1914 met Teake Kloosterman. Teake is dan 25 jaar, geboren te Suameer als zoon van Pieter Teakes Kloosterman en Siepkje Broers Roorda. Wytske trouwt op dezelfde datum dan haar zusje Janke. Teake en Wytske waren neef en nicht.

6. Janke Keimpes Boonstra, geboren 24 augustus 1890. Zie hiervoor.

7. Imke (Pim) Keimpes Boonstra, geboren 30 maart 1896 te Garijp. Als ze 26 jaar is trouwt ze op 27 mei 1922 met de 26-jarige Arend van der Heide. Arend is geboren te Suameer als zoon van Joeke Pieters van der Heide en Roelofje van der Iest. Dit huwelijk mocht niet lang duren want Arend overlijdt niet eens twee jaar later en wel op 24 april 1924. Wel wordt uit dit huwelijk een dochter geboren, die ze Pietsje noemen.

Generatie XV – 1

Pietje Algra, geboren op 10 december 1915 te Garijp, dochter van Douwe Algra en Janke Boonstra. Ze trouwt op 17 mei 1939 met Klaas Syds Haarsma. Klaas is geboren op 20 december 1912 te Sint Jacobiparochie als zoon van Syds Haarsma (gardenier) en Grietje Zwager.



De eerste vier jaar van hun huwelijk wonen ze aan de Koudeweg in een huis van boer Marra tussen Sint Jacob en Sint Anne. Gemeentelijk viel dit onder Sint Jacob maar kerkelijk bij Sint Anne. Op 12 mei 1943 komen ze in Minnertsga wonen. Eerst aan de Hearewei (nr 16) in een arbeidershuis van boer Binnema, waar hij dus ook werkt. Eerst bij de 'oude' (Doede Binnema) en later bij de 'jonge' (Theo Binnema). Na vele jaren, in begin 1969, verhuizen ze naar het dorp Minnertsga en wonen aan de Ferniawei. Klaas overlijdt 19 maart 1984 op 71-jarige leeftijd te Leeuwarden. Pietsje overlijdt 4 jaar later op 29 april 1988 ook in Leeuwarden. Ze is dan 72 jaar.

Ze krijgen de volgende kinderen:

1. Syds Haarsma, geboren op 30 mei 1941 te Sint Jacobiparochie.
2. Douwe Haarsma, geboren 1 mei 1944 te Minnertsga.
- 3 en 4. Twee kinderen, die slechts enige uren hebben geleefd. Ze werden geboren op 13 juli 1946
5. Yde Haarsma, geboren 27 november 1947 te Minnertsga.

Generatie XV – 2

Eelke, geboren 14 juli 1918 te Garijp, zoon van Douwe Algra en Janke Boonstra. Eelke trouwt op 3 juni 1948 met Ynskje (Yne) van der Meulen. Ynskje is geboren op 4 september 1922 te Sexbierum als dochter van Frederik van der Meulen (schipper) en Sjieuwke de Vries. Eelke Algra overlijdt als hij 92 jaar is op 21 februari 2011 te Sneek. Yne woont in Bolsward.



Eelke en Yne krijgen vier kinderen:

1. Douwe Algra, geboren 10 september 1949 te Sexbierum.
2. Sjieuwke (Sjoke) Algra, geboren op 19 september 1951 te Sexbierum.
3. Frederik (Freek) Algra, geboren 6 oktober 1956 te Sexbierum.
4. Janke (Janny) Algra, geboren 10 mei 1960 te Scharnegoutum.

Generatie XV – 3

Marijke Algra, geboren op 1 oktober 1920 te Garijp als dochter van Douwe Algra en Janke Boonstra. Marijke trouwt op 20 december 1945 met Dirk de Haan. Dirk is geboren op 26 maart 1921 aan de Oudebildtdijk onder Sint Annaparochie, als zoon van Hendrik de Haan (motorschipper) en Janke Halma.



Vanaf hun huwelijk tot 1973 hebben ze aan de Oudebildtdijk gewoond onder Sint Annaparochie (nr 276). Hier zijn hun kinderen geboren. In 1973 verhuizen ze naar de Van Swietenstraat 44 in Sint Jacobiparochie. Dirk overlijdt op 68-jarige leeftijd op 23 november 1989 te St. Jacobiparochie. Marijke overlijdt op 5 juli 2001 te Leeuwarden. Ze is dan 80 jaar. Uit hun huwelijk worden vijf kinderen geboren:

1. Janke de Haan, geboren op 12 juni 1947 aan de Oudebildtdijk onder Sint Annaparochie.
2. Hendrik de Haan, geboren op 7 april 1949 aan de Oudebildtdijk onder Sint Annaparochie.
3. Douwe de Haan, geboren op 25 oktober 1953 aan de Oudebildtdijk onder Sint Annaparochie.
4. Klaaske de Haan, geboren 20 augustus 1956 aan de Oudebildtdijk onder Sint Annaparochie.
5. Eelke de Haan, geboren 28 september 1959 aan de Oudebildtdijk onder Sint Annaparochie.

Generatie XV – 4

Trijntje Algra, geboren op 27 maart 1924 te Garijp als dochter van Douwe Algra en Janke Boonstra. Tryntsje trouwt als ze 24 jaar is op 22 juli 1948 met Siebe Vrieswijk. Siebe is geboren op 27 december 1919 te Minnertsga als zoon van Andries Vrieswijk (brandstofhandelaar) en Fokje Miedema.




De eerste vijf jaar van hun huwelijk wonen ze in de Hegebuorren in Minnertsga ('t Straatsie). Daarna verhuizen ze naar de Skoalstrjitte (nr 21). In 1978 werden deze huizen afgebroken zodat het gezin verhuist naar de Collot d'Escurystrjitte. Siebe overlijdt op 8 juli 1985 te Leeuwarden. Hij is dan 65 jaar. Tryntsje overlijdt op 13 september 2009 ook te Leeuwarden. Ze is dan 85 jaar.

Ze krijgen de volgende kinderen:

1. Andries Vrieswijk, geboren op 7 april 1949 te Minnertsga.
2. Douwe Vrieswijk, geboren op 28 februari 1952 te Leeuwarden.
3. Janke Vrieswijk, geboren 11 oktober 1954 te Leeuwarden.
4. Eelke Vrieswijk, levenloos geboren op 8 mei 1956 te Leeuwarden.
5. Tjeerd Vrieswijk, geboren op 15 augustus 1957 te Leeuwarden.
6. Fokje Vrieswijk, geboren 14 juni 1961 te Leeuwarden.
7. Pietje Vrieswijk, levenloos geboren op 22 maart 1965 te Leeuwarden.

Generatie XV – 5

Sjoukje Algra, geboren 24 augustus 1927 te Garijp als dochter van Douwe Algra en Janke Boonstra. Sjoukje trouwt op 24-jarige leeftijd op 1 juli 1952 te Dokkum met de 27-jarige Jacob (Jaap) Harmens Nutma. Jaap is geboren op 9 maart 1925 te Oostrum als zoon van Harmen Nutma (boer) en Grietje Hoekstra.



Vanaf hun trouwen wonen ze 8 jaar midden in het dorp Oostrum. In 1960 verhuizen ze in Oostrum, nabij de steenfabriek. Weer 3 jaar later wordt dit huis afgebroken en wonen ze tijdelijk bij een weduwe. Voor de kerst kunnen ze hun nieuwe huis betrekken, waar ze nog 12 jaar wonen voordat ze naar de boerderij verhuizen. Hier wonen ze 15 jaar tot Jaap 65 is en hun zoon Klaas de boerderij overneemt. Jaap overlijdt op 14 oktober 2004 op 79-jarige leeftijd. Sjoukje woont in Dokkum (A.J. v.d. Poortstraat 19).

Uit dit huwelijk worden 8 kinderen geboren (8 zonen!):

1. Harmen Sjoek (Harm) Nutma, geboren 24 april 1953 te Oostrum.
2. Douwe Nutma, geboren 11 april 1955 te Oostrum.
3. Jelle Nutma, geboren 14 februari 1957 te Oostrum.
4. Eelke Nutma, geboren 3 september 1959 te Oostrum.
5. Sjoek Nutma, geboren 15 december 1962 te Oostrum.
6. Fokke Nutma, geboren op 8 mei 1964 te Dokkum.
7. Klaas Nutma, geboren op 2 september 1967 te Oostrum.
8. Jan Geert Nutma, geboren 28 december 1969 te Dokkum.



Boven en onder: Pietsje Broers Roorda. Samen met haar man Keimpe Johannes Boonstra kreeg ze 7 kinderen: Tryntsje, Broer (j.o.), Broer, Johannes, Wytske, Janke en Imke (Pim). Pietsje woonde in de Inialoane te Garijp. Ze overleed in januari 1937, 82 jaar.





Janke Boonstra, ong. 20 jaar



Douwe Algra, ong. 19 jaar



Gezin van Douwe en Janke op de trouwdag van Klaas en Pietsje, 17 mei 1939. Staand: Marijke, Sjoukje, Eelke en Tryntsje. Zittend Douwe, Pietsje en Janke.



Pieter Klaver en Sjoukje Algra uit Oldeboorn



Jelle Algra (links), werkzaam bij de bakker



*Harmen Algra en Baukje Bouma
uit Oudega (Sm.)*



Aukje Algra uit Garijp



Imkje (Pim) Boonstra, zus van Janke



Pim van der Heide-Boonstra met dochter Pietsje



Broer Boonstra, broer van Janke



*Sjoukje Boonstra-van Bruggen,
vrouw van Broer*



*Kinderen van Keimpe Boonstra en Pietsje Roorda: als ik het goed heb:
achter Broer, Pim, Johannes; voor Wietske, Tryntsje en Janke.*



Johannes Algra en Anja de Jong voor hun huis in Garijp met hun visite Harmen Algra en Baukje Bouma.



*Teake Kloosterman en Wytske Boonstra, zus van Janke.
Ze trouwen op dezelfde dag dan Douwe en Janke*



Pim (?), Janke, Wytske, Teake, Douwe. Achter hen Johannes Boonstra



Gezin van Douwe en Janke met aanhang op de trouwdag van Jaap en Sjoukje (1 juli 1952). Achter Klaas, Dirk, Marijke, Jaap, Sjoukje, Tryntsje, Siebe, Yne; voor Pietsje, Douwe, Janke en Eelke.



Douwe en Janke voor hun huis nabij Mooie Paal (Piersma). Ze woonden hier acht jaar vanaf 1931.



Douwe en Janke voor hun huis aan de Kadal in SJP in de zomer van 1973 met hun visite Harmen en Baukje.



*Voorkant van het huis van Douwe en Janke aan de Kadal in SJP
september 1966*



Klaas en Pietsje Haarsma. Achter hun zonen Douwe, Syds en Yde



Eelke en Yne Algra met hun kinderen (vlnr) Freek, Sjoke, Douwe en Janny (rond 1961)



Nog een keer, jaren later; voor: Freek, Yne, Janny; achter Sjoke, Douwe en Eelke



Gezin van Dirk en Marijke de Haan op de trouwdag in 1967 van Rein Ferwerda met hun dochter Janke. Douwe, Dirk, Janke, Hendrik, Marijke, daarvoor Klaske en Eelke



1962 – Janke, Siebe met Tjeerd, Andries, Tryntsje met Fokje, Douwe



De Nutma's in 1970 – achter: Jelle, Douwe, Eelke en Harm, midden: Fokke, Sjoek, Jaap met Klaas, voor: Sjoukje met Jan Geert



Krantenartikel 23 mei 1974

Diamanten bruiloft echtpaar Algra-Boonstra uit St. Annaparochie

Hemelvaartsdag is het 60 jaar geleden dat de thans 90-jarige Douwe Algra en de 83-jarige Janke Boonstra in 't huwelijksbootje stapten in hun geboortedorp Garijp. Het feest dat deze dag in de herinnering moet terugbrengen wordt vrijdag gevierd in het verenigingsgebouw van de Hervormde kerk te Minnertsga. Het echtpaar woont sinds vorig jaar september in een vleugel van het bejaardencentrum De Vlaswiek te St. Annaparochie en heeft tot dan altijd samen gewoond in een eigen huisje. Voor mevrouw Algra was dat wel wennen, want ze had in haar woning altijd veel te doen en nu wordt het grootste deel uit haar handen genomen. "Ik mis mijn werk wat", zegt deze vitale 83-jarige met een beetje spijt in haar stem. "Maar we hebben het hier best hoor". De heer des huizes heeft wat last met de ogen, maar is ondanks dat nog levendig genoeg om te verhalen over zijn levensloop. Hij heeft altijd bij de boer gewerkt. Het echtpaar was ook één der eersten die profijt hadden van de AOW. "Ja dat begon met f 40,- in de maand, maar toen kon ik er nog wat bij verdienen". Met de zoon en vier dochters, 25 kleinkinderen en 7 achterkleinkinderen zal vrijdag feest gevierd worden en Algra en zijn vrouw verheugen zich daar al op.



1969 - Douwe en Janke 55 jaar getrouwd - achter: Douwe Vrieswijk, Douwe de Haan, Douwe Algra, Douwe Nutma, voor: Douwe Algra en Douwe Haarsma.



1969 - achter: Janke de Haan, Janke Vrieswijk, voor: Janke (Jannie) Algra en Janke Boonstra.

Zoektocht

In de zomer van 2010 vatte Yde Haarsma het plan op om de woonhuizen van het gezin van Douwe Algra en Janke Boonstra te (be)zoeken. Dit mede ivm de Algrareünie op 23 oktober dat jaar. Er werd afgeproken om dit te doen op de middag van donderdag 5 augustus. Drie uur kwam hij voorrijden met omke Eelke uit Bolsward en zijn buurman Johannes, die veel van Garijp bleek te weten.

Eerst reden we naar Mooie Paal en bezochten de boerderij van Terpsma. Toen Douwe hier in de jaren dertig werkte woonde boer Piersma op deze pleats. Het huisje, waar ze van 1931 tot 1938 woonden, is enige jaren geleden gesloopt. Rond 2000 hebben we het huis nog eens bekeken met schoonmoeder, na een fietstocht vanuit Nij Altoena. Het werd al jaren gebruikt als garage en opslagruimte, vertelde vrouw Terpsma. Bijna niet voor te stellen naar de huidige maatstaven dat ze hier met 7 mensen woonden. In die tijd was dat niet abnormaal. De kinderen liepen dan door het veld naar de school in Sint Jacob. Hierna reden we naar de Kadal in Sint Jacob. Ze woonden hier tot ze in 1973 naar de Vlaswiek in Sint Anna gingen. Daarvoor woonden ze op het Westeinde in Sint Jacob, waar nu het bord staat van de Jacobshoeve. Douwe werkte in die tijd wel bij Kuiken. Beide huizen staan er niet meer. Hierna langs de Hoarnestreek naar Pietersbierum. Aan de Hoarnestreek woonden ze eerst op de zogenaamde Theebus, tegenover de boerderij van Feitsma (nu Andringa), waar Douwe werkte. Later woonden ze op de Stjelp (nu Zonderland) en was hij werkzaam bij Klaas van der Schaar (Grut Lammema). In Pietersbierum, waar ze in 1930 en 1931 woonden, reden we over het vroegere Swart Slot. Dit huisje (geel) staat er nog wel en wordt als vakantiehuis (al 40 jaar) gebruikt door een Duitser, vertelde een vrouw. Douwe werkte in die tijd bij boer Miedema. Over de Slachte reden we naar Kubaard. Douwe werkte toen bij boer Reitsma. Ook dit huis is afgebroken. Het stond achter een boerderij met een roodachtig huis (nu), ver buiten Kubaard. Een hele uithoek. Ze kwamen hier vanuit Garijp. Eelke vertelde dat hun poes vanuit Kubaard weer naar Garijp was gelopen (volgens mij).

Hierna naar Garijp. Het huis (geboortehuis van de kinderen) aan Lytse Buorren nummer 12 stond er ook niet meer. Dit is vervangen door een andere woning. Oerbeppe Pietsje woonde aan de Inialoane. Ook hier is niks van over. Wel van een rood huis (zie foto) van een broer van Douwe. Ook bezochten we nog de Gereformeerde kerk in Garijp.

Na al deze indrukken reden we weer naar Leeuwarden en naar Bolsward om omke Eelke thuis te brengen. Acht uur leverde Yde mij af en reden zij weer naar Sneek. Al met al een hele rit en zit met weinige foto's door de vele afbraken.

Kort verslag van de Reünie

Zaterdag 23 oktober 2010 hadden we reünie van de Algra's. Syds Haarsma hield een welkomswoord. Tante Sjoukje en omke Eelke kwamen naar voren en verhaalden over het gezin van Douwe en Janke. Later volgden nog met hun herinneringen Yde Haarsma, Douwe Nutma (over hun fietstocht van Dokkum naar Sint Jacob) en Janke de Haan. Fokke Nutma speelde trompet toen de anderen it Frysk Folksliet zongen, gevolgd door 'Lang zullen de Algra's leven'. Ik liet in 3 kwartier 100 foto's zien via de beamer met commentaar, waar ook weer het nodige commentaar op kwam. Het was nogal een drukte maar wel geslaagd. Daarna volgde Douwe Nutma weer met een christelijk lied via de laptop en beamer, mede ter nagedachtenis van hun broer Klaas. Yde en Hillie hadden een kwis met vragen over pake en beppe. Deze werd gewonnen door Fokje en Tineke Algra (17 goed van de 20). Het was nogal een drukte maar wel geslaagd. Hierna gingen we met een flinke ploeg de kerk in en beklommen ze de toren. Dit had Fokje geregeld met Jan Jensma, die ons al ophaalde vanuit de Boppeslach. Jelle Nutma bespeelde het orgel. Een muzikale familie, die Nutma's, maar dat was al bekend. Later weer naar de Boppeslach. Fokje had enige sjoelbakken geregeld. Germ Bleeker met 3 serveersters verzorgden de bediening van het eten en drinken. Vijf uur weer op huis aan.